

It riedsel bliuwt yn 'e Ryptsjerkster toer

Resinsje

👤 Jelle Terwal

Elkenien is wolkom yn it doarpshûs de Einekoer yn Ryptsjerk. It ferhaal, dat betocht is troch regisseur Hans van Buuren en Margreet de Heer, set hjir út ein. Der is in soad opskuor yn it doarp. Dat komt ta in hichtepunt by in gearkomste fan Doarpsbelang. It

publyk wurdt dêr aktyf dielnimmer fan. De spylploech is klaaid yn ferskate farianten fan de kleur grien. Mei muzyk wurdt besocht de emoasjes oan de sênes te ferbinen, dy't by de oanwêzigen oproppen wurde moatte.

In pleatslik keunstner fertelt oan de oanwêzigen dat se it plan hat om in 'performance' plakfine te litten yn de tsjerke. „We zijn allemaal van de schaduw, bedoeld om in het licht te staan”, seit se. En dat is it tema yn

de foarstelling. Der binne lûden heard, dat yn it grêf fan Antje van Uylenburgh, de suster fan Saskia, dy't mei Rembrandt trouw wie, in echte 'Rembrandt' leit. En dat grêf leit yn it Godshûs. Guon krije de eurotekens al yn de eagen. Wat soene je mei it jild, dat it skilderij opsmite sil, in soad dwaan kinne. Mar der binne fansels ek fûle tsjinanners. Dy moatte neat hawwe fan „dat 'entertainment' út de Rânestêd”.

Benammen it gedrach fan Antje, spile troch Kimberly Piek en de útspattingen fan Koos van der Wal as dûmny en freon fan Antje bringe in soad minsken op 'e doele. De geast fan in soad minsken rekket yn betizing. It doarp stiet op wei nei de tsjerke, de twadde spyllokaasje, letterlik yn fjoer en flam, krekt as al dy Ryptsjerksters, dy't streekrjocht tsjinoer mekoar stean. Sil it grêf iepen of litte se it ticht?

De spylploech fan selskip Wy

doarre wer hellet alles út de kast om tsjinwicht te bieden oan de profesjonele ynbring fan Van der Wal en Piek. Dat slagget skoan. Mar it riedsel fan it grêf wurdt net hielendal bleatlein.

👉 *Yn it skaad fan 'e toer*, troch in kollektyf út Ryptsjerk; tal besikers: 120 (fol); noch te sjen op 10,12,13, 17, 19, 20 oktober (noch kaarten foar 10 en 17); ynfo: www.ynitskaadfanetoer.nl